

# **Fryske Krite Hoarn**

## **“Troch de Tael Forboun”**

### Y N H A L D

maart 2020

Ledeberjochten .....	4
Ferlotting en tagongsprizen .....	5
Hawwe jo wol TIID? .....	6
Eveneminten yn Fryslân .....	7
Útnoeging foar 21 maart 2020 .....	8
RABO Clubkas Actie .....	10
Frysk Boun om Utens 2020 .....	11
Douwe Egberts punten en de sponsors .....	13
De wurklist winterskoft 2019-2020 .....	14
Rûnlieding: De skatten fan Tresoar .....	14
Frysk folksliet (“De âlde Friezen”) .....	15
Bestjoer Fryske Krite Hoarn .....	16

*Kvk. Nummer: 5324 1274*

*Rabobank rekken: NL54 RABO 0162 2705 77*

*Lid fan It Frysk Boun om Utens*

[www.fryskbutenfryslan.fr](http://www.fryskbutenfryslan.fr)



# Fryske Krite Hoarn

## “Troch de Tael Forboun”

### *Oprjochte 1911*

---

Oan ús krite leden en freonen,

**A**lwer it lêste krite krantsje fan de Fryske Krite “Troch de Tael Forboun “ fan dit winterskoft. No ja, winter hawwe wy eins net hân. Gjin iisskoske yn de sleat. It like mear op hjerst nei dy stoarmen fan Ciara en Dennis. It gong der omwei. De pannen fleagen by ús fan ‘t dak. Lokkich hiene we gjin lekkerij. Ik hoopje mar, dat it by ús krite leden ek net tefolle spûke hat mei dat waar.

Sneon 18 jannewaris wie in tige slagge jûn mei de krite Bûtenpost mei it toanielstik “klontsjes”. Al fregen ferskate minsken harren ôf wat eins it ein wie fan it stik. Ek de neisit yn it kafee, mei muzyk fan Anjo Boonstra, wie tige gesellich. Aardich wat minsken bliuwden sitten om noch wat te drinken en by te praten mei goekunde.

No binne wy alwer oan ús tredde jûn ta. De toanielferiening ”Pro Rege “ út Holwert, foar de measte minsken wol bekend, komt mei it stik ”Troch omstannichheden iepen”. Der sil wol wer fan alles barre. It bestjoer hopet op in grutte opkomst en ek wer in goede neisit yn ‘t kafee. Anjo is der wer mei syn muzyk. Wylst ik dit stikje skriuw, moat ús lytse jûn noch komme op freed 28 febrewaris. Peter Swart sil dan

fertelle oer in Medembliks oarlochsskip. Ek dat wurd  
beslist in moaie jûn.

It Frysk Boun om Utens hâldt de Algemeine  
Gearkomste dizze kear yn Delft. De krite FRYSK



SELSKIP “RJUCHT EN  
SLJUCHT” fan De Haach  
bestiet 120 jier en derom  
organisearret men in  
moaie dei yn Delft.  
Fierderop yn it krantsje  
stiet wat it programma is  
en hoe men der komt. It is  
in oanrieder. Elkenien is  
wolkom.

Dan slute we it winterskoft ôf en geane wy op nei de  
simmer. Der binne dan ferskate eveneminten yn  
Fryslân: skûtsjesilen, keatsen, fierljeppen mar ek  
iepenloftspullen. It bestjoer is it ein fan de simmer al  
wer drok dwaande mei de tariedingen foar it  
kommende winterskoft. Wy hoopje dat jimme in  
moaie simmer temjitte meie gean.

Ik sjoch jimme graach op 21 maart yn de  
Huesmolen. Nim famylje freonen en goekunde mei.  
Ik winskje jimme folle goeds, want net elkenien  
komt. Mar al giet net alles foar de wyn en binne der  
soms soargen, de sinne komt altyd wer oan de loft.



Mei freonlike groetnis,  
Tiny Dijkstra-de Vries

---

## Ledeberjochten

---

Op 16 jannewaris 2020 ferstoar ús lid de hear

**Jaap Smak**

Berne op 23 maart 1937 te Medemblik en  
wenne yn Den Oever, hy wie sels gjin Fries  
mar wie troude mei in Fryske frou.

Wy winskje frou Smak-Ritsma en bern in protte  
sterkens ta om mei it ferlies om te gean.

Wy tinke ek oan minsken dy't op it stuit net nei de  
krite jûnen komme kinne fanwegen sykte as oare  
swierrichheden. In protte sterkens tawinske.

## Nij lid wurde yn 2020?

---

*Wat kriget men derfoar:*

De libbene krite 'Troch de tael forboun'  
organisearret troch de jierren hinne in moai  
programma foar it winterskoft. In toanielstik, kabaret  
of in sprekker oer de Fryske kultuer of skiednis. Trije  
kear op sneontejûn en in kear op freedtejûn mei in  
sprekker.

De leden binne grutsk op it yn stân hâlden fan de  
Fryske Taal. Derom hoopje wy dat noch in tal  
minsken lid wurde.

## Wa nimt in freon of freondinne mei yn maart?

---

---

## *Ferlotting en tagongsprizen*

---

### **Lidmaatskip en tagongsprizen:**

It lidmaatskip foar ien persoan is 15,00 euro foar in hiel jier (It krite jier rint fan juny oant ein maaie). Op de grutte jûnen is de tagongspriis foar leden 5,00 euro en foar **net leden 12,50 euro** mar de lytse jûn is fergees. Opjefte foar it lidmaatskip kinne jo dwaan by de ponghâlder de hear P. Slange

### **De sealpriis op de grutte jûnen:**

Jo kinne dizze sealpriis winne as jo yn 'e seal sitte op ien fan ús grutte jûnen. By de yngong krije jo in nûmer dat kâns jout op dizze sealpriis.

### **De ferlotting yn it skoft:**

Yn it skoft fan de grutte jûnen wurdt der in ferlotting hâlden. De prizen bestean meastentiids út in blomke, oranjekoeke, fleske wyn of oare aardichheden. Jo kinne yn it skoft lotten keapje foar 5 euro en dan krije jo 10 lotsjes fan elk 50 eurosint it stik. Altyd priis by de keap fan 10 lotsjes.

**Autoferfier:** Leden dy't yn Hoarn, Blokker en Zwaag wenje en autoferfier nedich ha, kinne kontakt opnimme mei ús skriuwer de hear Vogel ([yellowbirds53@gmail.com](mailto:yellowbirds53@gmail.com)).

### **Lief en Leed**

Lief en leed berjochten kinne jimme trochjaan oan:  
Tine Bouman-Westra

---

## *Hawwe jo wol TIID?*

---

By in soad minsken hinget thús in tegel oan 'de muorre mei de tekst 'De tiid hâld gjin skoft'. Yn it Frysk kenne wy in soad wurden dy 't mei tiid te krijen hawwe, lykas: skielk, op it stuit, okkerdeis, in skoftke, daliks, ynkoarten, tenei, stadichoan, krekt, eartiids en ier en betiid.

Fansels binne der noch folle mear te neamen!  
Siswizen oer tiid fine jo troch it Busboekje hinne.

Dan hawwe wy it ek oer 'yn 'e ûngetiid, dat brûke wy wol foar boeren dy't yn 'e heatiid sitte, yn 'e drokke tiid sitte. Wy brûke it ek wol by bygelyks winkellju dy't yn desimber yn 'e ûngetiid sitte fanwegen de drokte yn 'e winkels foar de feestdagen. De frije dagen neame wy ek wol 'knyntsjedagen' yn it Frysk; frije tiid, tiid foar rest en ûntspanning.

Soms reitsje dingen út 'e tiid, dan is it net mear sa modern, mar ek wurdt der wol mei bedoeld dat klean bygelyks suterich of âld wurde. Mar as josels út 'e tiid reitsje, meie jo wol oppasse, dan wol it sizze dat jo bewusteleas reitsje.

- Hjoed is hjoed en moarn is ûnbegryplike dei
- Men moat de tiden brûke sa't se binne
- Tiden hawwe tiden



*Oernom út bûsboekje 2020*

## *Eveneminten yn Fryslân*

### Skûtsjesilen SKS 2020

18 july	:Grou (start)
20 july	:De Feanhoop
21 july	:Earnewâld
22 july	:Terherne
23 july	:Langwar
24 july	:Ealahuzen
25 july	:Starum
27 july	:Wâldsein
29 july	:De Lemmer I
30 july	:De Lemmer II
31 july	:Snits (finale)

### Skûtsjesilen IFKS 2020

1 augustus	:Hylpen
2 augustus	:Starum
3 augustus	:Heech
4 augustus	:Sleat
5 augustus	:rêstdei/lynheldei
6 augustus	:Ychtenbrêge
7 augustus	:De Lemmer I
8 augustus	:De Lemmer II (finale)



### Oare eveneminten yn Fryslân 2020



19 - 23 maaie	:Ljouwert	- 74 <sup>ste</sup> Alvestêdekuiertocht
29 - 30 maaie	:Ljouwert	- Frysk Strjitte Festival
30 maaie	:Boalsert	- Step Alvestêdetocht
1 juny	:Boalsert	- Fyts Alvestêdetocht
12 - 21 juny	:Skylge	- Oerol Festival
13 juny	:Raerd	- Slachtemarathon
24 - 27 juny	:Boalsert	- 68 <sup>ste</sup> Heamielddagen
3 july	:De Jouwer	- Swipe dei
8 - 12 july	:De Jouwer	- 35 Friese Ballonfeesten
17 - 20 july	:De Feanhoop	- Feanhoopfestival
22 july	:De Jouwer	- Boerebrulloft
28 - 31 augustus	:Alve stêden	- 11 <sup>ste</sup> êdezwimtocht
18 en 19 septimber	:Droegeham	- 51 <sup>ste</sup> Gondelfeart op Tsjillen
23 septimber	:Warkum	- Kokedei
28 septimber	:De Jouwer	- Joustermerke



---

## Útnoeging foar 21 maart 2020

---

It bestjoer fan de Krite Hoarn noeget al har leden, sibben en kunde út foar har grutte jûn op 21 maart 2020 om 20.00 oere yn 'e Huesmolen te Hoarn foar it toanielstik:

### "Troch omstannichheden iepen"

#### spyle troch

## TOANIELFERIENING PRO REGE HOLWERT

It is net sa maklik om it lytse doarpke Krimpen oan de Kronkel op de kaart te finen. Dochs komme Lidy, Ellen en Meta mei harren jierlikse kano tocht der telâne. Om te skûljen foar in ûnwaarsbui bedarje sy yn herberch 'de Kromme Kronkel'. Dizze hat, krekt as it hiele doarp bettere tiden kend. Nei de Grutte Knal, dy 't de iennige fabryk yn pún lei, kaam de grutte krimp. Krimpen oan de Kronkel kromp ta in stipke yn it prachtige rivieren lânskip. Wy sille net mear fertelle want jo moatte it sjen en hearre.

-----  
♪♪♪♪ De muzyk op dizze jûn wurd  
fersoarge troch Anjo Boonstra  
♪♪♪♪





## De spilers



Dikkie van der Wal  
Hillie Politiek  
Willem Verbeek  
Johanna van der Meij  
Lelie de Blécourt  
Evelien van der Wal

Krijn Kromme  
Stijn Kromme  
Bram Boterbloem  
Lidy Roemers  
Meta Miedema  
Ellen de Leeuw

### Oare meiwurkers:

Lucas de Blécourt  
Agnes Waterval  
Anne Bron  
Cathrinus van de Meij  
Johannes Verbeek  
Nico Bierma  
Valentijn Vellinga

rezjy  
grime  
dekor  
dekor  
lûd en ljocht  
lûd en ljocht  
lûd en ljocht

---

## RABO Clubkas Actie

---

Dit jier komt der gjin Clubkas Actie mear, mar in **Club Support Actie**.

Wy witte noch net, hoe oft dit krekt yn elkoar stekt, mar it giet wol wer om stimmen en de start is yn



juny. Wy moatte **safolle mooglik stimmen sammelje foar ús Krite**. Dy stimmen binne **jild wurdich!**

Hoefolle, dat wurdt yn oktober bekend makke.

**Allinne leden fan de Rabobank West Fryslân kinne stimme.** As jo as partikulier persoan in rekken ha by de Rabobank West Fryslân, kinne jo lid wurde. Hawwe jo in “en/of rekken”, dan kinne jo **beide** lid wurde. Dit kostet neat en kin ienfâldich regele wurde fia it ynternet bankieren.

Fansels kinne jo ek efkes skilje of nei in kantoar fan de Rabobank gean om dit te regeljen.

Om't der yn de simmer gjin krite krantsje útkomt, kinne wy jimme net freegje op ús te stimmen as de aksje opstart wurdt. We hoopje dat jimme sels yn 'e gaten hâlde wolle, wannear 't jimme de stimkaarten krije en dan safolle mooglik op de Krite stimme fansels.

Ek jimme kunde, buorren, famylje, freonen, ensfh. kinne jimme fersykje om op ús te stimmen.

Mochten jo noch fragen ha, dan kinne jo fansels kontakt opnimme mei ien fan de bestjoersleden.

Popke Slange  
Harmke Burggraaff

---

## *Frysk Boun om Utens 2020*

---

Hjir it programma fan it Frysk Boun om Utens:

<b>PROGRAMMA ALGEMIENE GEARKOMSTE DELFT</b>	
<b>13:30</b>	<b>Wolkom troch fise foarsitter De Haach</b>
<b>13:33</b>	<b>Begjin Jiergearkomste - Ynlieding foarsitter FBoU Jan Bijkerk</b>
<b>13:40</b>	<b>Frysk Folksliet</b>
<b>13:45</b>	<b>Algemiene Gearkomste diel I</b>
<b>14:30</b>	<b>Skoft</b>
<b>15:15</b>	<b>Algemiene Gearkomste diel II</b>
<b>16:00</b>	<b>Ofsluting en Skoft</b>
<b>16:15</b>	<b>Stedskuier troch Delft</b>
<b>17:15</b>	<b>Seal omsette nei it jûnsprogramma</b>
<b>17:30</b>	<b>Ite by it Prinsenkwartier € 25,=, ynkl. 2 drankjes</b>
<b>JUNPROGRAMMA</b>	
<b>18:30</b>	<b><u><a href="#">Oankûndiging muzykanten</a></u></b>
<b>18:30</b>	<b>Musyk mei SamooSara</b>
<b>19:45</b>	<b>Tankje oanwêzigen en muzykanten</b>

# SamooSara



**Anje de Jong (viool & zang)**

**Johan Cnossen (fluit & zang)**

**Wijtze de Jong (accordeon & zang & componist)**

It adres: As jo mei de auto komme, dan riede wy jo oan om de Prinsenhofgarage te nimmen, dêr is it measte plak en is it goedkeapst. Adres:  
Kampveldweg 3, 2611 WM Delft

Wy kinne ek mei ús allen mei de trein nei Delft, yn Delft is it mar 500 meter (8 minúten) rinnen nei it Prinsenkwartier, Sint Agathaplein 4, 2611 HR Delft -  
06 57644891

[www.prinsenkwartier.nl](http://www.prinsenkwartier.nl)

---

## *Douwe Egberts punten en de sponsors*

In protte minsken sparje noch altyd Douwe Egberts punten. Dizze waardepunten meie ek foar goede doelen brûkt wurde. Ien fan de doelen is kultuer, lykas in Fryske Krite.

Derom wol ús Krite Hoarn ek meidwaan oan it garjen fan dizze

waardepunten De krite kin dan produkten krije foar dizze punten en dat stipet de krite.

De waardepunten kinne jo ynleverje op de kritejûnen, by de yngong fan de seal stiet dan in doaze.



Nimme jo de punten mei nei de kritejûn?

-----



De bedriuwen dy't advertinsjes hawwe yn ús krite krantsje binne wichtige sponsors foar de sinten. Sa as juwelier De Vries fan de Grote Noord te Hoarn.

---

## *De wurklist winterskoft 2019-2020*

---

21 maart 2020: 3e grutte jûn: mei de klucht  
"Troch omstannichheden  
iepen", spyle troch  
toanielferiening PRO REGE fan  
HOLWERT

25 oktober 2020: Dreamteater Akkrum mei 'Doazen'

**Lokaasje fan de Krite Hoarn  
De Huesmolen 60,  
1625 HZ Hoorn 0229 – 234390**



### ***Rûnlieding: De skatten fan Tresoar***

Elke lêste tongersdei fan de moanne organisearret Tresoar fergees in rûnlieding troch it gebou. Hoe sjocht de wrâld ûnder de stúdzjeseal der út? Wat is it âldste boek fan Tresoar? Hoe bringt Tresoar rom 35 kilometer papier yn it depot op oarder? Hokker skatten lizze noch mear yn de katakomben? Op tongersdeitemiddei krytst antwurd op dizze fragen troch middel fan in rûnlieding troch de magazinen fan Tresoar. Om 14.00 oere begjinne wy mei in rûnlieding fan fiif kertier. Nei ôfrin stiet der kofje en tee mei wat lekkers klear en kinst noch in besite bringe oan besikerssintrum Obe. Dielname is fergees. Op de dei sels kinst' dy melde by de resepsje baalje yn Tresoar.

---

## *Frysk folksliet (“De âlde Friezen”)*

---



Frysk bloed tsjoch op! wol no ris brûze en siede.  
En bûnzje troch ús ieren om!  
Flean op! Wy sjonge it bêste lân fan d'ierde.  
It Fryske lân fol eare en rom.  
Klink dan en daverje fier yn it rûn.  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!  
Klink dan en daverje fier yn it rûn.  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Trochloftich folk fan dizze âlde namme,  
Wêz jimmer op dy âlders great!  
Bliuw ivich fan dy grize, hege stamme,  
In grien, in krêftich bloeijend leat!  
Klink dan en daverje fier yn it rûn.  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!  
Klink dan en daverje fier yn it rûn.  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

---

## *Bestjoer Fryske Krite Hoarn*

---

Foarsitter: Tiny Dijkstra-de Vries  
Till.: 0227 501050  
e-mail: [ak.dijkstra@quicknet.nl](mailto:ak.dijkstra@quicknet.nl)

2e Foarsitter: Douwe Hoekstra  
Till.: 0229 211749  
e-mail: [ddhoekstra@kpnmail.nl](mailto:ddhoekstra@kpnmail.nl)

Ponghâlder<sup>1</sup> en  
lede-administraasje: Popke Slange  
Till.: 0229 234881  
e-mail: [pslange@icloud.com](mailto:pslange@icloud.com)

Skriuwer: Jan Vogel  
Till.: 0229 234012  
e-mail: [yellowbirds53@gmail.com](mailto:yellowbirds53@gmail.com)

### Oare bestjoersleden:

Jetske Leenstra-de Groot Till.: 0229 263735 e-mail: <a href="mailto:jetskeleenstra@me.com">jetskeleenstra@me.com</a>	Renske Nauta- Haagsma Till.: 0229 237267 e-mail: <a href="mailto:dirkrenske@gmail.com">dirkrenske@gmail.com</a>	Harmke Burggraaff-Adema Till.: 0229 238284 e-mail: <a href="mailto:harmke.burggraaff@quicknet.nl">harmke.burggraaff@quicknet.nl</a>
--	---	---

Eareleden: De hear Popke Slange  
De hear Eppie Kloezen

---

Lief en leed: Tine Bouman-Westra,  
Till.nr. 0226-353385



---

<sup>1</sup> Bank: NL54 RABO 0162 2705 77 Fryske Krite Hoarn